



Leafde en papier 2

TYPE AKTIVITEIT

Kontakt meitsje fia moderne kommunikaasjemiddels of fia brief en kaart

TEMA

Leafde, feest en feestdagen, sjonge en spylje, it libben rûn

OANTAL DIELNIMMERS

1-10

DOER

60+

PERIOADE

1940-1975

SLÚT OAN BY

Alde Leafde, alle ferhalen, yn it bysûnder de ferhalen oer Tjamme en Janke Valk en Klaas en Tini Kuperus

Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside datwiedoesa.nl

Tjamme komt yn 'e oarloch yn in Jappekamp yn Ynje telâne. Syn âlders hearre in hiel skoft neat fan him, want syn brieven komme net oan. Nei de oarloch bliuwt er dêr oan 't wurk. Hy skriuwt net allinnich oan syn âlders, mar ek oan Janke, syn takomstige frou.

Klaas, de ferloofde fan Tini, komt ek yn Ynje telâne. As marinier moat hy dêr yn 1948 hinne yn it kader fan de polisjonele aksjes. Hast twa jier lang hat er allinnich mei brieven kontakt mei syn grutte leafde Tini.

Oait wie it skriuwen fan in brief de iennichste mooglikheid om kontakt te hâlden op ôfstân. Wat hiene in pear wurden op papier dan in kracht! Hjoed-de-dei binne der in hiel soad nije mooglikheden, lykas telefoan, e-mail, facetime, whatsapp en Facebook. Hawwe berjochten fia sokke media likefolle ympekt as eartiids in brief?



Underweis nei Djakarta yn it fleantúch beskriuwt Tjamme yn in brief oan Janke hoe't it mei him giet.



Nei in yntinsive briefwikseling ferloovje Tjamme en Janke harren op 25 april 1950 en se trouwe op 26 juny 1952.



Yn Alde Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten.



Leafde en papier 2

DOEL

Kontakt meitsje fia papier of fia moderne kommunikaasjemiddels

TARIEDING

Freegje de dielnimmers fan tefoaren oft se immen kieze kinne dêr't se wol (wer) ris kontakt mei hawwe wolle en oft se fan dy persoan kontaktgegevens meinimme wolle.

WAT JO NEDICH HAWWE

Kaarten, moai briefpapier, postsegels of in kompjûter, tablet of snoadfoan mei in ynternetferbining.

Opdracht

Kontakt meitsje fia papier of fia moderne kommunikaasjemiddels

Troch te praten oer brieven hawwe dielnimmers miskien sin om sels te skriuwen of kontakt te meitsjen mei freonen of famylje.

Aktiviteit


1. Papier: lit de dielnimmers in kaart of brief skriuwe nei in freon of famyljelid.
2. Of digitaal: miskien binne der dielnimmers dy't net sa bekend binne mei moderne kommunikaasjemiddels, mar it wol aardich fine om se ris út te probearjen. Jo kinne dan mei de dielnimmer in e-mail, whatsapp, sms of oar soart fan berjocht stjoere as de kontaktgegevens bekend binne. Miskien kinne jo de kontaktgegevens fine as jim dêr dan byelkoar binne. Oars kinne jo besykje om fia Facebook of LinkedIn dy persoan op te sykjen. Mei wat gelok fine jo him of har en steane der leuke iepenbiere foto's by.

De leafde is altyd bleaun, ik koe noch altyd mei har pronkje



It is in pear jier nei de earste wêst hawwe dat Kian Kipura (Johannesburg, 1977) gearjild mei syn meitsje (steats) nei De Jommeke. De Oerweldiging yn dat doarp wie it plak om famke te treffen. Tint Houdend (De Jommeke, 1977) en har meitsje wie ek fan de partij. Kian hie it al gear begjûn. Tint wie ferrent de meitsje fan altyd mei har meitsje kribben en har meitsje regne. Prachtich fia se hie. Kian wie net lang om har te freagen oft se har thâldrige mocht. Tint har meitsje fia it meitsje. Har meitsje mei de janne? Hy hie fregeant swarte en swarte, fia se. Mar it soet gong oan. Kian breidt Tint fier de meitsje hie se hie. Goe in lytke fêste by de deure en de hie se ferkeuring. Dierst fêste by hie wat hie oan op syn DPK 1500 mei syn nije hie, it wie lytke meitsje mei alle, gongen kleaner fan syn wepke. Johannes.

Kian hie de meitsjekrêft op B. Harenfens (steats). Dit waard al gear bekend dat lytke meitsje hie. Net syn oarsen wie se fierder steats fan de steats.



Yn 1947 waard militêren ferplicht steld te korrespondearjen op spesjaal makke lucht(post)blêden. Dizze lucht(post)brieven wiene tearbrieven fan it formaat 25 by 19 sm.